



In taalmienskip dy't net de fitaliteit hat om him oan te passen oan de nije tiid, kin net bestean bliuwe

raach alle triedsjes ôfbreidzje wollen, mar dat kin dus net.

Skiekunde is in foarm fan lego, mar dan op papier. Mei molekulen as boustientsjes kinst in hiele wrâld bouwe, magysk is dat

set. Us heit (learaar wiskunde yn Koudum- gvdn) stie ûnder oan 'e trep. Wat der te rêden wie." In fin-gerdopke nitroglycerine makke er ek. „Echt hiel gefaarlik spul." It gong mar krekt goed. De brune walmen sloegen der al ôf. „Doe haw ik it mar gau fuort dien." Mar wat in wille hie hy der oan. „Skiekunde is in foarm fan lego, mar dan op papier. Mei molekulen as boustientsjes kinst in hiele wrâld bouwe, magysk is dat."

Jin-jins

In stúdzje skiekunde oan de VU yn Amsterdam wie in logyske stap. Mar ek foar taal hie Oppewal grutte ynteresse. Doe't er hearde dat jo as taharker ek kolleezjes folgje koene by Fryske taal- en letterkunde, skode er al gau oan by de kolleezjes fan Tony Feitsma en Henk Meijering. Fan 1971 oant 1978 siet er, fêste prik, ien jûn yn 'e wike mei Feitsma

en in stikmannich oaren om 'e tafel om de skiednis fan it Frysk te bestudearjen, Fryske literatuer te besprekken of Fryske oersettingen te meitsjen. Oppewal fûn it geweldich. „Wat se my op de middelbere skoalle oan kennis oer de Fryske taal ûnthâlden hawwe, haw ik dêr leard." De roman *Fabryk* fan Trinus Riemersma wie in iepenbiering, en by grammatika waard syn memmetaal ynienen transparant. „Sjoch, de tiidwurden 'wenje' en 'wenne' binne beide swak. Fryskpraters witte prima it ferskil tusken 'hy wennet' en 'hy went'. Mar ferklearje kinne wêrom't dat sa is, moatte je in kear útlein krigen ha. 'Men fernuveret jin om jins bern', giet er fierder. Dat men-jin-jins by elkoar hearre, soks haw ik dêr leard." Mei Feitsma as foarfjochter fan in nije stavering, makke er fan tichteby de staveringsoarloch fan de santiger jierren mei. „Dy krúddampen haw ik allegear opsnúfd", fertelt er. Dêr kaam pas in ein oan yn 1976, mei in beslút fan de Provinsje. Datselde gefoel kaam wer op doe't de Fryske Akademy yn 2013 mei nije staveringregels kaam. „It wie wer sa'n konfliktueuze sitewaasje. Ik wist mar al te goed hoe splittende dat wurkje kin." De koördinator is mar wat wiis mei taalweb.frl, it digitale helpmiddel dat de oanlieding foarme foar de nije regeljouwing. It ynstrumint jout Friezen safolle mear mooglikheden om goed Frysk te skriuwen. „Hoe't it der kommen is fertsjinnet lykwols gjin haadpriis."

Doe't Oppewal yn 1978 klear wie mei syn stúdzje skiekunde, koe er daliks yn Amsterdam as learaar oan 'e slach. Dêrnei joech er fjouwer jierles oan learlingen yn Maputo yn Mozambyk. Doe't er weromkaam yn Fryslân as learaar op de laboratoariumskoalle, koe er it net litte en

begjin mei in learare-oplieding Frysk oan de NHL. It foarme it begjin fan in omswaai nei de Frysk-literêre wrâld. Twa jier neidat er frege wie as redaksjefid fan de sammelbondel *Spiegel van de Friese poëzie* (1994) wie er koördinator Fryske literatuerbefoarding. Taak? It Frysk skriuwen en Frysk lêzen befoarderje en bekendheid jaan oan de Fryske literatuer.

Digitaal

De digitale revolúsje hat dochs wol de wichtichste ûntjouwing foarme yn syn wurk. „In taalmienskip dy't net de fitaliteit hat om him oan te passen oan de nije tiid, kin net bestean bliuwe." It Frysk hat dy ynternetslach lykwols mei glâns makke. „Stel dy foar. Yn 1993 wie der op it FLMD noch net iens in faks. Al dy skriuwersbiografyen dy't no op www.sirkwy.frl steane, stiene doe by Saakje Huisman op in losse kompjûter. Yn in multomap sieten de útdraaien. Woene minsken mear ynfo hawwe oer in skriuwer, dan koene se in kopy meitsje út de klapper." Andrys Stienstra, ynder-tiid de adjunkt fan it FLMD, fertsjinnet de eare foar it opsetten fan de webside fan it FLMD, fertelt Oppewal.

Yntusken is www.sirkwy.frl in begryp. Op dizze Fryske literatuerside dy't Oppewal jierrenlang koördinearre hat en dy't krekt no op 'e nij opboud wurdt, is fan alles te finen oer Fryske skriuwers, mar ek oer kursussen proaza en poëzij en lêzings oer Fryske literatuer. Mei de Fryske ôfdieling fan www.lezenvoordielist.nl is de koördinator ek hiel wiis. „Doe't ik lies dat de organisaasje in ôfdieling Dútske boeken tafoegje woe oan de Nederlânske site, tocht ik: dan moatte Fryske boeken der ek by kinne." De pro-

Dy krúddampen fan 'e staveringsoarloch haw ik allegear opsnúfd. En yn 2013 wie it wer sa'n konfliktueuze sitewaasje

vinsj kaam mei subsidzje en yn 2014 waard it Fryske oandiel in feit. „Learlingen út it middelber ûnderwiis, mar ek dosinten, âlden, bibleteekmeiwurkers, leden fan lêsklubs en oaren hawwe no maklik tagong ta in moaie list belangrike boeken út de Fryske literatuer."

Kieze

Oppewal hat him al dy jierren altyd mei in soad nocht ynset foar „de Fryske saak". As in projekt yn goede harmony gie, joech him dat ek in protte faldwening. It fenomeen 'kieze' bleau lykwols lestich.

Oppewal: „Foar skriuwers is erkenning en respons sa wichtich. As jo yn leantsjinst binne of in bedriuw ha, is it ynkommen al in foarm fan erkenning. Mar skriuwers krije dy revenu net standert. Dichter Eppie Dam hat dat tema fan 'al of net sjoen wurde' prachtich ferwurke yn syn dichtbondel *Mem sjoch boi*.

It jonkje wol sa graach sjoen wurde. It slimme is dat dat net bart."

Oppewal begrypt de teloarstelling fan dichters en skriuwers dy't bygelyks bûten in seleksje falle. „Mar as jo as redaksje kieze hokker gedichten yn in bondel komme, of beslute hokker boek yn it Nederlânsk oerset wurdt, dan kin it net oars of it pakt sa út dat net eltsenien sjoen wurdt." Hy neamt it fotoprojekt fan Jan Kalma. „Wy hiene budzjet om in foto meitsje te litten fan 75 Fryske dichters en skriuwers. Stiet in pear wike letter nûmer 76 by my op 'e stoep. Wêrom't nûmer 75 wol útkeazen wie, en hy net. Lis dat mar ris út."

Dat wurdearring en respons net automatysk komt nei it skriuwen fan in Frysk boek of gedichtebondel, is in spitige rânebetingst foar Fryske skriuwers en dichters. De kâns op massale wurdearring bliuwt gewoan lyts. „Eltsenien dy't yn it Frysk skriuwt, moat him dêr mei leare te fersteane."

Teake Oppewal kriget op de koarte termyn gjin opfolger. Syn taken wurde no oernommen troch oare wurknimmers fan Treosra. „De iene koördinearret de organisaasje fan de Gysbert Japicxpriis, in oare hat bygelyks de site fan 'Lezen voor de lijst' op 'e noed." Net mear ien persoan as oansprekpunt dus. „En ek gjin 'kop-fan-jut'."

De pensjonaris sil aanst yn syn frije tiid noch mannich Frysk boek lêze. En de skiekunde? De eagen fan Oppewal begjinne te glinsterjen. „Dat hielt dy mear minsken har bern net mear ynintsje litte, hâldt my dwaande. Miskien dat ik dêr noch wolris wat oer skriuwe wol." Hy laket. „Mar dan moat ik de natuerwittenskip wer yndúke. En oft ik dêr de dissipline noch foar opbringe wol en kin?"